



# IT SKRIUWERSBÛN

## Ferslach fan de ledegearkomste fan It Skriuwersbûn op woansdei 7 juny 2023

*Oanwêzich wiene: Jacobus Smink, Sietse de Vries, Meindert Reitsma, Fedde Dijkstra, Albert Schaafsma, Janneke Spoelstra, Sigrid Kingma. Paul van Dijk, Lida Dijkstra, Baukje Zijlstra, Jan Schotanus, Ytsje Hettinga, Bennie Huisman, Simen de Jong, Marie Roelofsen, Willem Verf, Ammerins Moss-de Boer, Jan Hendrik Woudstra, Reina Greet Smeink-Kroodsma*

*Mei berjocht ôfwêzich: Alex Riemersma, Hilda Talsma, Geart vd Meer, Jelle Bangma, Teake Oppewal, Syds Wiersma, Anne Goaitske Breteler, Hein Jaap Hilarides, Tialda Hoogeveen, Gerad Marcel de Jong, Jiltske Kingma, Douwe Kootstra, Baukje Miedema, Sietske Boonstra, Barbara de Ruiter, Tryntsje van der Veer en André Looijenga.*

Fan 18:00 ôf is der yn rin mei sop en broadsjes

### 1. Iepening, fêststellen wurklist

De gearkomste giet om 18:15 offisjeel fan start mei de iepening troch de foarsitter, Willem Verf. Elkenien wurdt wolkom hjitten en de wurklist wurdt fêststeld.

### 2. Meindert Reitsma – reachside Tresoar

It wurdt is no oan Meindert Reitsma. Hy ynformearret ús oer de nije reachside fan Tresoar. De reachside fan Sirkwy is oerset nei dy fan Tresoar. Op de hiemside ûnder de kop *Fryske literatuer* fynst alle ynformaasje dy 't earder op Sirkwy te finen wie, ferdield yn de hjirûnder fertoande kategorijen. Fragen oer tresoar.nl/literatuer kinne yn de takomst maild wurde nei: [literatuer@tresoar.fr](mailto:literatuer@tresoar.fr)

### 3. Ferslach ledegearkomste 24-11-22

It ferslach fan de ledegearkomste fan 24 novimber 2022 wurdt sûnder oanfolingen of oanmerkings goedkard troch de oanwêzige leden.

### 4. Jierferslach 2022

It jierferslach 2022 wurdt sûnder oanfolingen of oanmerkings goedkard troch de oanwêzige leden.

### 5. Rapportaaasje kaskommisje en finansjeel oersjoch 2022

Ponghâlder Jan Hendrik Woudstra nimt ús koart mei troch it oersjoch. Sigrid Kingma freget wat der ûnder bestjoerskosten ferstien wurdt. Jan Hendrik leit út dat dit kosten binne dy 't it bestjoer makket foar ûnder oare it organisearjen fan de gearkomsten fan it Skriuwersbûn.

### 6. Beneaming nij lid kaskommisje

De kaskommisje bestie dit jier út de leden Albert Schaafsma en Simon Oosting. De finansjele administraasje is hiel presys bard en goed strukturearre. Ynkkomsten en útjeften út it oersjoch binne yn de stikken werom te finen, sa hat de kaskommisje yn in stekproef fêststeld. Alles is yn oarder befûn. De finansjele kontrôlekommisje is akkoard mei it finansjele oersjoch en de efterlizzende stikken. De

kommisje wol de ponghâlder in komplimint jaan foar de heldere wize fan boekhâlden en foar it oersjoch.

De kommisje advisjearret unanym om de ponghâlder desjarzje te ferlienen.

It finansjeel oersjoch wurdt hjirnei troch de oanwêzigen goedkard en Albert Schaafsma en Janneke Spoelstra stelle harren beskikber as leden fan de kaskommisje oer it boekjier 2023.

## 7. Omfreegjen

By it omfreegjen freget Jan Schotanus ús om mei te tinken oer it folgjende. Jan hat ûnderfining mei it feit dat net elke útjouwer akkoart giet mei it útbringen fan harkboeken. Lida Dijkstra jout oan dat it oan de auteurs sels is om hjir yn it kontrakt mei de útjouwer goed nei te sjen en oer te ûnderhandljen. Yn in kontrakt mei de útjouwer kin de klausule ‘harkboeken as njonkenrjocht’ opnaam wêze. It is en bliuwt as auteur tige wichtich om in kontrakt goed troch te nimmen, ek op oare punten.

Reina Greet jout oan per july te stopjen mei har wurk foar it Skriuwersbûn om’t sy dit net mear kombinearje kin mei persoanlike feroaringen thús. Reina Greet hat har tiid yn’t bestjoer yn haadsaak as posityf en learsum ûnderfûn. Sy betanket de leden en it bestjoer fan it Skriuwersbûn foar de fijne kontakten en mominten.

Jan Hendrik fertelt dat der wurke wurdt oan in nij logo foar it Skriuwersbûn yn ferbân mei de nammeferoaring. Ammerins follet oan dat ek it adres fan de reachside en it e-mailadres oanpast wurde sille. Wannear ‘t it ree is stelt it bestjoer de leden fansels fan op ‘e hichte.

## 8. Presintaasje ynstjoerings “Myn alderleafste berneboek”

Nei in piipskoft gean we fierder mei in koarte presintaasje fan de ynstjoering fan it projekt “Myn alderleafste berneboek”. Reina Greet fertelt dat sy it projekt begûn is om ‘t sy nijsgjirrich wie nei wat it alderleafste berneboek wie fan de leden fan it Skriuwersbûn út de tiid dat sy lyts wiene en noch gjin lid fan it Skriuwersbûn. Marie Roelofsen, Simen de Jong, Lida Dijkstra, Sigrid Kingma en Janneke Spoelstra fertelle oer harren alderleafste berneboek. It binne stik foar stik moaie en persoanlike ferhalen. De oanwêzigen krije in eksimplaar fan it prokekt mei nei hûs. It digitale dokumint mei in tsiental ferhalen is te finen op de reachside fan it Skriuwersbûn.

## 9. Yn petear mei de nije heechlearaar Frysk Arjen Versloot

Wy binne bliid dat der wer in heechlearaar Frysk is en bliid dat er jûn ús gast is. Arjen Versloot is **berne** yn Schiedam en fan memmeskant kamen se fan Urk en fan heiteskant út it súdwesten. Fan 1993 oant 2012 hat er yn Hilaard wenne. Hy studearre yn Grins.

Op it Gymnasium yn Ede krige er Latyn en Gryksk en hy wie fassinearre troch taal. De dosint Nederlânsk fertelde oer de grammatikale struktuer fan Germaanske talen en dat fûn er fantastysk. Tafallich kaam er doe it Frysk tsjin en dêr wie er al gau oan de taal ferslingere. In omke hie in sylskoalle yn Heech, en sa kaam er wolris yn Fryslân.

Doe’t er by de **Fryske Akademy** te wurkjen kaam en in hûs wat bûten de stêd socht, kaam er yn Hilaard terjochte. Hy bliuw wol wat “ien fan bûten”. Der wienen net in soad minsken mei in akademyske oplieding, wol hie er fia de geriffermeerde eftergrûn fan syn alders in konneksje mei de kultuer yn it doarp.

Versloot wennet no yn **Amsterdam** mar komt hjir graach. De taal jout in ús-gefoel, in gefoel fan mienskip. Wat lytser as de taal(mienskip), wat sterker as dat gefoel is.

De **takomst** fan it Frysk bliuwt spannend. De taalpeilingen jouwe oan dat it Frysk aardich oereinbliuwt. De maatskippij is feroare, en heterogener wurde. Der wurdt hjir yn Fryslân mear Nederlânsk sprutsen as froeger, faak is de taal dominant, ek yn de doarpen. Dat is fansels net posityf, mar dat betsjut net alle Frysktaligen oerskeakelje sille. De globale sifers lykje goed, mar it kin altyd gau omslaan mei in lytse taal.

De **wittenskip** kin in bijdrage leverje oan de ynfrastruktuer fan de taal. Súver wittenskiplik ûndersyk is in befestiging fan de kulturele wearde fan in taal. Ek wurdt der wurke oan de ûntwikkeling fan de taalhifker, dat soarte saken ha foar de gewoane brûker mear tapassing. Dêr binne de akademisi foar nedich omdat soksawat te meitsjen. It ûndersyk nei twataligens kin fertaald wurde nei de dydaktyk, en brûkt wurde om te sjen hoe't taal yn it brein wurket. Dielen fan de wittenskip kinne dus wer yn de praktyk brocht wurde.

Mei in lyts ploechje minsken wurdt in soad wurk ferset. Yn Grins sit no 1 FTE permanint, ferdielt oer Anne Mercuur, Willem Visser en Arjen Versloot. Dat is net folle, fergelike mei it Frysk Ynstitút froeger, doe wienen der 5 man. It hat te krijen mei in krisis yn de hiele talenhoeke, ek by talen as it Nederlânsk en it Frânsk en Dútsk. Troch de opskuor oer it Frysk binne der no ek mear oanmeldingen as eartiids. Dus: **rebûlje** is altyd goed.

Ien fan de redenen is dat de ôfrûne tweintich jier it Ingelsk it gruttendiels oernommen hat. Dútsk studearje is net mear nedich foar de ynternasjonale hannel. It studearjen fan in **taal** om mei minsken yn de kunde te kommen, is gjin argumint mear. De jongerein hoege mar ien taal te praten om mei elkenien prate te kinnen. Mediastúdzjes binne no ek populêr. Mar taal, taalgebrûk en de funksje fan taal – dêr is wat ferskood de lêste 2 desennia. Wy kinne hjir de diskusje oer de kwaliteit fan it Frysk en ynterferinsjes, mar dat sjogge wy no ek by it Nederlânsk en de ynfloed fan it Ingelsk. It Ingelsk beynfloedet de earste taal dy't minsken no sprekke.

Arjen Versloot fynt **literatuer** moai en wichtich, mar it is foar him gjin stúdzjeobjekt. Foar taalkundigen is literatuer wol in moaie boarne foar taalûndersyk. It is de **wikselwurking** tusken wittenskip en skriuwers dy't wichtich is. De taal en de literatuer feroaret mei, mei de meinskip. De akademisi brûke dat wer foar taalhifkers, wurdboeken etc. En dy wurde wer brûkt troch skruwers. Taalwittenskippers bestudearje sawol de standert en de taalfariaasjes/streektalen. De standerttaal is it anker foar de status fan it Frysk. Hoe mear streektalen op it Nederlânsk lykje, hoe leger it oansjen. It Frysk moat dus net te bot fernederlânskje, dat hat negative gefolgen foar de status en ek in foartbestean. Mar it moat net te 'dreech'. It is dus saak in goede line te finen foar it **standertFrysk**, mar wol in taal dy't brûkt wurdt. Op papier wolle minsken faker leaver wat gever Frysk lêze. Der is in ferskil tusken it sprutsen/brûkte Frysk en de wurden/taal dy't se kenne en lêze. Op it flak fan de sosjolingwistyk en taalsosjology dogge de FA en it FSP ûndersyk. Op basis dêrfan kinne wy oanrikkemandaasjes jaan oan de oerheid.

Arjen Versloot docht hystoryske taalkunde en is dwaande mei in moai boek mei Reitse Jonkman, foar in wat breder publyk.

Wat de **stúdzje Frysk** oanbelanget, moat de oplieding de breedte fan de Frisistyk oanbiede, as wittenskiplike dissipline. Dy frisisten moatte der kearn foarmje. It is oan de oare kant ek lestich om Frysk te jaan oan studinten dy't gjin Nederlânsk kinne. Oan de universiteit binne in soad bûtenlânske studinten, en dy kinne no gjin Frysk studearje om't dêr de middels net foar binne. De kursus Frysk foar net-Frysktaligen is der allinnich foar Nederlânsktaligen. It Ingelsk kin wol in brêge wêze, mar der binne no gjin learmiddels. Arjen Versloot wol ûndersykje of dat te ûnwikkeljen is.

By ûndersiken wurdt ek frege wa ek Frysk lêst. Dêr binne wol leedydsgroepen út te heljen en te sjen is dat de lêzer feroaret. Oeral is der "**ontlezing**" te sjen. Syn studinten lêze ek in soad minder, of op de tillefoan.

Foar de **literatuerwittenskip** hat Versloot in literatuerprojekt yn brede sin yn de holle, en ek is der by de FA wol de wil om der mear oan te dwaan. De hoop is dat der mear FTEs komme, ek yn Grins, foar sa'n soarte promoasjeûndersyk. Der moat ek ien sitte dy't wat mear fan literatuer/skreaune kultuer wit. No wurdt Babs Gazelle ynhiert foar dit soarte lessen, mar dat is fansels net de beste konstruksje. Dit moat dus regele wurde yn oerlis mei de RUG en it ministearje.

Myn earste ûnderfiningen mei de **RUG** binne goed. Se reagearje goed op Versloot's ideeën foar de Learstoel Frysk en der is goed oerlis. Soms is wat opskuor nedich om de boel wer op de rit te krijen. De keamermoasjes foar in bettere posysje fan it Frysk ha ek holpen.

Yn de situaasje no jouwe Brussel en ek De Haach allinnich projektjilden, en dat is tydlik. Per studint wurdt der hieltyd minder betelle oan universiteiten, mar wy moatte wol al dy studinten goed ûnderwiis biede. Foar it Frysk is genôch **jild** nedich, om minsken fêst oanstelle te kinnen. No ha it Ryk

en de Provinsje sjen litten dat se it Frysk wichtich fine. Mar: allinnich op basis fan it tal studinten, soe de stúdzje Frysk nea betelle wurde kinne. Der moat of jild by of oare opliedingen moatte mear bydrage. Der is no mear jild tasein, dus dat is moai.

In **Masterstúdzje** yn Ljouwert wurdt allinnich wol dreech. Versloot wol him wol ynsette foar in MA-trajekt dy't in mjuks is fan algemiene en taalspesifike modules. Dat soe yn Ljouwert/Grins kinne. Ljouwert soe benammen foar NHL-studinten dy't der in stapke boppe-op dwaan wolle ynteressant wêze. Oare studinten fine Ljouwert al te gau fier fuort.

Ek wol Versloot graach in **promoasjeplak** yn Grins ha. De FA kin wol in wurkplak wêze foar promovendi, mar it rint altyd fia in universiteit. It universitêre stikje is ek wichtich foar de persoanlike ûntwikkeling foar promovendi. Se ha dan mear kontakt mei kollega's en dat jout in oare dynamyk. Ek de kontakten mei **Kiel** wol er wer oanhelje. Der binne earder in útwikselingen west foar studinten mei Kiel, om dêr in semester te dwaan. Dat wol er wer opsette.

**Boadskip oan ús:** gean troch mei moaie boeken skriuwen! De relaasje mei de skriuwerij foarmet twa poaten fan it grutter gehiel. In taal bestiet omdat er in funksje hat. It moaie fan it Frysk is dat it funksjonearret als in praktyske taal, sa as in taal bedoeld is. Dêr kinne wy allegearre oan bydrage, om de status te ferbetterjen, en de literatuer kin dat ek. Oan de struktuer en wurdskat fan de taal, it bewustwêzen – alles grypt yn-inoar. Dat skept in klimaat wêryn't it Frysk funksjonearje kin en maatskiplike wearde hat.

As tank foar syn komst krijt Arjen Versloot in moaie doas mei boeken, skreaun (en oerset) troch leden fan It Skriuwersbûn.

*Sluting om 21 oere hinne, dêrnei gelegenheid foar neipraat mei in slokje.*